

## Iepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2026

Deputearre Steaten fan Fryslân,

mei it each op kêst 1.3, tredde lid, fan de Algemene subsidieverordening provincie Fryslân 2022, en kêst 5 fan de fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal,

BESLUTE:

It iepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2026 as folget fêst te stellen:

### Kêst 1 Subsydzjeplafonds

- It subsydzjeplafond foar de yn kêst 3, ûnderdiel a fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal neamde subsidiabele aktiviteiten bedraacht € 80.000,-.
- De dielplafonds foar de yn kêst 3, ûnderdiel b fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal neamde subsidiabele aktiviteiten binne fêststeld op:

Gemeente	Dielplafonds
Achtkarspelen	€82.353,-
Dantumadiel	€76.053,-
Eaststellingwerf	€80.553,-
De Fryske Marren	€99.462,-
Harns	€73.803,-
Hearrenfean	€99.462,-
Ljouwert	€154.839,-
Noardeast-Fryslân	€94.959,-
Opsterlân	€83.706,-
Smellingerlân	€103.065,-
Súdwest-Fryslân	€127.377,-
Tytsjerksteradiel	€85.506,-
Waadhoeke	€95.862,-
<b>Totaal</b>	<b>€1.257.000,-</b>

- It subsydzjeplafond foar de yn kêst 3, ûnderdiel c fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal neamde subsidiabele aktiviteiten bedraacht € 75.000,-.

### Kêst 2 Aanvraagperiode en verdeelsystematiek Oanfraachperiode en ferdielsystematyk

- De yn kêst 1 ûnderdiel a en ûnderdiel c neamde subsydzjeplafonds jilden foar oanfragen dy't ûntfongen binne yn de iepenstellingsperiode fan 10 febrewaris 2026 oant en mei 10 desimber 2026.
- It yn kêst 1 ûnderdiel b neamde subsydzjeplafond jild foar oanfragen dy't ûntfongen binne yn de iepenstellingsperiode fan 10 febrewaris 2026 oant en mei 31 desimber 2027.
- De ferdieling fan de middels bart neffens kêst 7 fan de Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal.
- Deputearre Steaten meie, nei it sluten fan de iepenstellingsperiode, de dielplafonds feroarje.

### Kêst 3 Yngean

Dit beslút wurdt fan krêft mei yngong fan de dei nei de datum fan útjefte fan it Provinciaal blad, dêr't it yn pleatst is.

### Kêst 4 Wurkingsdoer en oergongsrjocht

- Dit beslút ta iepenstelling ferfalt op 31 desimber 2029.
- Dit beslút ta iepenstelling bliuwt, fan de yn it earste lid neamde ferfaldatum ôf, fan krêft oangeande subsydzje-oanfragen dy't ûntfongen binne yn de iepenstellingsperiode lykas neamd yn kêst 2 fan dizze regeling.

**Kêst 5 Siteartitel**

Dizze regeling wurdt oanhelle as lepenstellingsbeslút Subsydzjeregeling Sichtberens Fryske taal 2026.

*Sa fêststeld yn de gearkomste fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan 20 jannewaris 2026.*

*Drs. A.A.M. Brok, foarsitter*

*Drs. ing. J. Algra, sekretaris*